

Dokkum, 31 maart 2020



Oan de tsjerkeried fan PKN Kollumerzwaag,

Sneon foar twa wike lyn hat 'de Boektiék' yn Dokkum mei har klanten en frijwilligers har 40 jierrich jubileum fierd. Tankber kinne we werom sjen op alle jierren wêryn 'de Boektiék', sûnder ûnderskied te meitsjen, tsjinstber wêze mocht oan de gemeenteleden fan tsjerken en oare ynwenners foar it Noardeasten fan Fryslân. Wy fernimme echt dat 'de Boektiék' foarsjocht yn in behoefte oan kristlike boeken en oare artikelen. In protte minsken drage 'de Boektiék' in waarm hert ta. Hieltyd mear wurdt it erfaren as 'ús Boektiék'.

It wie nedich foar ús stichting om mear nei it sintrum te ferhúzjen, want it hat de lêste jierren best dreech west om de holle boppe wetter te hâlden. Sûnt ferline simmer hiere wy de winkel oan de Hoogstraat 12, in prachtich plakje yn de binnenstêd fan Dokkum. Echt in boppeslach, der is mear oanrin en de winkel draait goed.

We fernimme nou ek dat ús omset foar it earst sûnt lange tiid wer omheech gien is. Dêr binne wy hiel bliid mei, in reden om tankber foar te wêzen.

Lykas by de measte ûndernimmers yn de binnenstêd binne de earste trije moannen fan it jier lykwols altyd aardich rêstich. En nou hinget dêr it skaad fan it coronafirus oer ús lân. Dat is ek foar 'de Boektiék' net sûnder gefolgen. De strjitten yn Dokkum binne stil. Omdat wy noch net tiid hân ha om yn de finansjele reserves op te bouwen, is de beurs sa goed as leech. De fjirtichdagen- en peasketiid is foar 'de Boektiék' meastal de tiid om wer wat finansjele fearkrêft te ûntwikkeljen, mar de ferkeap fan boeken en oare kristlike kado-artikelen is troch de coronakrisis sa goed as stil fallen. Wy binne bliid dat ús oerheid maatregels oankundige hat dy't ús de kommende tiid wat helpe kinne om dizze krisis te oerlibjen.

Dochs bliuwe der liquiditeitsproblemen omdat wy wat tiid nedich hawwe om ek echt fan dizze maatregels gebrûk meitsje te kinnen.

Dat is dan ek de reden dat wy jim gemeente freegje wolle of it ek mooglik is om ús mei in gift of tydlike liening helpe te wolle. De groei dy't wy yn it ôfrûne jier meimakke hawwe, hat ús it fertrouwen jûn dat in liening wer ôfbetelle wurde kin as ús lân wer firusfrij is en it 'gewoane' libben yn Noardeast Fryslân wer op gong komt.

Wy witte dat dit bêst in frijmoedige fraach is, mar it is ek in bysûndere tiid. Omdat wy ferbûn binne troch ús leauwen yn God en ek gemeenteleden fan jim gemeente gebrûk meitsje fan 'de Boektiék', binne wy sa frijmoedich om dit te freegjen.

Graach hearre wy fan jim.

Ut namme fan it bestjoer en alle frijwilligers fan 'de Boektiék' te Dokkum

Afke van der Mark (bedriuwslidster)

T. 0519-22 17 59

E. info@boektiekdokkum.nl

IBAN. NL20 RABO 0134929314